

**Wurklistpunt:** 17. Moasje frjemd oan de oarder fan de dei

**Underwerp:** Finansjele posysje gemeenten by werferdieling gemeentefûns

**De ried fan de gemeente Achtkarspelen yn gearkomste byinoar op d.d. 25 juny 2020**

**Kundskip nommen hawwende fan:**

1. It artikel 'Zo herverdelen maakt de problemen nog groter', publisearre op de hiemside Binnenlands Bestuur wêryn it Ryk kundskip docht fan it foarnimmen om it gemeentefûns neffens nije ferdielkaaien op 'e nij te ferdielen;
2. Dat plattelânsgemeenten mei minder as 100.000 ynwenners dêrby gâns minder jild taskikt krije sille;
3. De wurden fan Ellen van Selm, foarsitter fan it gearwurkingsferbân fan plattelânsgemeenten P10 en boargemaster fan de gemeente Opsterlân, dy't har soargen útsprekt en it hat oer in 'dramatyske útgongsposysje' foar gemeenten mei minder as 100.000 ynwenners.

**Oerwaagjende dat:**

1. De provinsje Fryslân 18 gemeenten telt, wêrfan 17 gemeenten minder as 100.000 ynwenners hawwe;
2. In soad fan dizze gemeenten troch de tanimmende soarchkosten benammen yn de Jeugdsoarch muoite hawwe in slutende begrutting op te stellen;
3. Dizze gemeenten ekstra hurd troffen wurde sille as it Ryk syn foarnommen werferdieling fan it gemeentefûns trochset;
4. Dit foarnimmen der foar soarget dat de finansjele kleau tusken stêd en plattelân, tusken Rânestêd en oare provinsjes noch grutter wurdt;
5. Dit de leefberens yn plattelânsgemeenten ûnderstek docht en dat foarsjenningen ferdwine sille dan wol fuortbesunige.

**Ropt it kolleezje op:**

1. Alle prikken yn it wurk te zetten om de werferdieling fan it gemeentefûns net ta skea fan plattelânsgemeenten komme te litten;
2. Utein te setten mei in lobby om de bydrage fan it Ryk foar plattelânsgemeenten te vergrutsjen, yn stee fan te ferminderjen, om de leefberens in ympuls te jaan;
3. De gemeenteried periodyk, dochts op syn minst per fearnsjier, te ynformearjen oer de resultaten fan de lobby en de stân fan saken oangeande de foarnommen werferdieling fan it gemeentefûns.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

FNP-Achtkarspelen,

Hr. S.D. van der Meer